

Provinciale Staten van de Provincie Fryslan
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 13 desimber 2022

Ferstjoerd, 13 DEC. 2022

Ús merkteken : 02056149
Ôfd/Opjefte : Grien Fryslan
Opsteld troch : 
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Evaluatie weidevogelcompensatie 2014 - 2022

Achte Steateleden,

Mei dizze brief wolle wy jo, steateleden fan de provinsje Fryslân, de Evaluatie Weidevogelcompensatie 2014 – 2022 foar kundskip oanbiede.

Ferline jier novimber, mei it fêststellen fan de Nota Weidevogels 2021 – 2030, is oanjûn dat der in ûndersyk útfiert wurde sil nei de effektiviteit fan it greidefûgelkompensaasjebehear. Tegearre mei moasje (09 Moasje 05 - (Oanpast) Weidevogelland niet aantasten en anders gelijkwaardig compenseren), hat dit oanlieding west foar it opstellen fan de Evaluatie Weidevogelcompensatie 2014 – 2022.

It doel fan de evaluaasje is om te sjen op hokker ûnderdielen de greidefûgelkompensaasje ferbettere wurde kin, it giet dêrby om sawol de útfiering yn de praktyk as it opstellen en neikommen fan de ferplichtingen foar kompensaasje (belied).

Yn de evaluaasje is sjoen oft de greidefûgelkompensaasje wurket, hoe dit regele is yn oare provinsjes, wat de ûnderfiningen binne fan de belutsen organisaasjes/persoanen en oft de kompensaasje noch in rol fan betsjutting spylje kin yn de takomst. Dêrnjonken wurdt yn de evaluaasje ek it kompensaasjebehear behannele. Hoe en wêr wurdt dit útfiert, wat binne de resultaten en wat binne eins de betingsten om it behear fuort te setten. It lêste ûnderdiel fan de kompensaasje giet oer de finânsjes. Foar dit ûnderdiel is ûndersocht of de projekten harren hâlden hawwe oan de finansjele ferplichtingen, hoe't dizze ferplichtingen omset binne yn behear en of der budzjet oerbliuwt foar nije kompensaasjebehear.

ASU

ASU

De konklúzje is dat de greidefûgelkompensaasje in wichtige bydrage leverje kin oan it behâld fan de greidefûgels en dat it belied foldwaande wurket, mar dat der foaral ynset wurde moat op it behâld fan de gebieten dy't der no noch binne.

De fraach oft it útfierde kompensaasjebehear effektyf west is kin, fanwegen de wize fan it monitoaren, net goed genôch beäntwurde wurde. De wize fan monitoaren is wol geskikt foar it behear yn de praktyk en ek goed genôch foar in analyse op provinsjale skaal. Mar is fanwegen de koarte perioade dat it kompensaasjebehear útfiert is en skaalnivo dêr't de fraach foar stelt is, hjirfoar net geskikt.

Ut de evaluaasje komt dan ek dat de greidefûgelkompensaasje op in tal punten ferbettere en dúdliker beskreaun wurde kin. Dat giet om de bepalingen yn de feroardering, it monitoaren, de rapportaasje, de regeling en it aktualisearjen fan de behear oerienkomsten. Dizze binne te lêzen yn de oanrekommandaasjes. Twa oanrekommandaasje liede ta wizigingen yn de Omgevingsverordening Fryslân 2022, dizze sille noch oan jo foar beslútfoarming oanbean wurde.

Foar de beskerming fan de greidefûgelkânsgebieten is de wichtichste fraach oft it mooglik is om de term iepenbier belang foar de greidefûgelkânsgebieten neier fêst te stellen. Dizze fraach sil de tsjinst de kommende tiid ûndersykje, wêr'tby ek sjoen wurde sil nei de ympakt dy't dit hawwe kin. De útkomsten fan hjirfan sille oan jo, steateleden fan Fryslân, weromkeppele wurde.

We sille kontrôle hâlde op de beskerming fan de greidefûgelkânsgebieten en as der ûntwikkelingen binne mei ferplichtingen, hjir ek kompensaasjebehear foar regelje. Om dit goed te regeljen, sille de oanrekommandaasje út de evaluaasje ferwurke wurde yn in nije beskriuwing fan de wurkwise greidefûgelkompensaasje.

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A. Schepers, MSc, sekretaris